



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jorjaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. En soms komme der keaplju yn Kafarnaüm foar hannel. Dy hawwe de ferhalen sels fan Jezus heard.

It foarbyld fan twa feinten Lukas 19, 11-27

Yn 'e poarte stiene keaplju byinoar te praten. Fan ien fan harren hie heit skiep kocht. Sara en Simon stiene der op 'e noas by doe't heit oer de priis ûnderhannelle.

“Ik tink dat de keap trochgiet”, flústere Sara Simon yn 't ear.

Simon sette de hannen yn 'e side, gie as in keapman tusken de skiep stean en rôp: “De skiep binne no fan ús!”

Der kamen mear keaplju by te stean. Heit frege: “Hawwe jim noch wat fan Jezus heard? Koartlyn wie Er noch yn Jericho, fertelde ús Daniel.”

“It is sa”, sei ien fan de keaplju. “Jezus reizget meikoarten troch nei Jeruzalem, ha se my ferteld. En dan brekt der in nije tiid oan.”

“In nije tiid? Hoe bedoele jo... in nije tiid?” frege heit

“Ja man, it juste wit ik der ek net fan. Mar doe't ien fan syn learlingen Jezus dernei frege, hat Er in ferhaal ferteld.”

“Ja, dat wit ik!”, sei heit der daliks oerhinne. “Jezus antwurdet meastal mei in foarbyld.”

“Net ienfâldich”, sei de keapman, “mar ik sil jim it ferhaal fertelle.”

Der wie ris in ryk en foarnaam man. Hy wie fan doel om nei it bûtenlân ta te reizgjen. Dêr soe er kening wurde fan syn eigen folk.

Foardat er op reis gie, rôp er tsien fan syn feinten by him. Hy joech harren allegear jild en sei: “Brûk dit jild om noch mear te fertsjinjen!”

De iene krige wat mear, de oare wat minder. Guon wiene bliid en alhiel optein. Mar der wie ek in feint dy't net sa wiis wie mei it jild dat er krige hie.

Doe't de hear ôfset wie, rôp ien fan de feinten: "Ik ha altyd al boer wurde wollen. No krij ik de kâns." Hy telde syn jild en kocht in keppeltsje skiep.

"Boer wurde, dat is neat foar my", sei in oare feint. "Hannel past better by my." Op 'e merk kocht er in sûne, sterke ezel. Der bleau sels noch wat jild oer foar twa grutte kuorren. Dy hong er oan wjerskanten fan 'e ezel.

De tredde feint suchtte en stinde: "Wat doch ik mei al dat jild? As myn baas werom komt, sil er it jild grif weromfreegje. Stel je foar dat ik it kwyt reitsje. Nee, ik keapje der neat foar. Miskien krij ik der minder foar werom as ik it wer ferkeapje." Hy draaide it jild yn in doek en bûn dy om 'e hals. Hy tocht: sa kin net ien it stelle. As myn baas thúskomt jou ik him it jild werom.

De earste feint waard in lytse boer. Hy molk de skiep, ferkocht de wol en soarge goed foar syn lammen. Dat hie er no altyd al graach wollen.

De twadde feint swalke mei syn ezeltsje troch de stêd. Oeral kocht er wat. Soms hie er meloenen yn 'e kuorren, in oare kear oliven of sinesapels. Op merkdagen wie er moarns de earste. En altyd fûn er wol wer minsken dêr't er mei hannelje koe. Dêr hie er altyd al nei útsjoen.

Doe't de foarname man kening wurden wie, kaam er werom. Hy rôp syn feinten by him en frege wat se mei it jild dien hiene.

De earste sei: "Kening, ik haw fan jo jild skiep kocht. Mei it jild dat ik fertsjinne fan de molke en de wol koe ik noch mear skiep keapje. Ik krige moai wat lammen, sadat ik no in keppel skiep ha."

"Dan hast it goed oanpakt", sei de kening. "Minsken dy't sa omgeane mei wat ik se tafertrou, jou ik mear. Do wurdst hear oer myn tsien stêden."

De twadde feint sei: "Dêr stiet myn ezel, menear de kening. It jild dat jo my joegen, wie genôch om der in sûne en sterke ezel foar te keapjen. Ik koe der sels noch kuorren by keapje. Mei dat bist haw ik al flink wat jild fertsjinne. Asjebleaf, hjir is it." "Ik sjoch datsto tûk hannele hast. Do wurdst hear oer fiif stêden."

De tredde feint die in stap nei foaren en sei: "Ik bin bliid dat jo werom binne, menear. Sjoch, hjir is jo jild. Ik haw der goed op past."

"Do hast it fan my krige om der wat mei te dwaan!" rôp de kening lilck. "Mar ik sjoch datsto der hielendal neat mei dien hast! As je neat dogge, bart der ek neat. Sokke minsken kin ik net brûke. Fuort do!"

En de kening joech it jild fan dy man oan de twa oare feinten.